


**HANDOUT INFOAVOND POSTCODEROOSPROJECT WIELSTERDYK WEIDUM**



## Hoe kin ik my oanmelde?



- Ful it oanmeldformulier digitaal yn op <https://www.weidum.eu/enerzjykooperaasje/postcoderoos-projekt.html> en stjoer it op nei [doarpsenerzjyweidum@gmail.com](mailto:doarpsenerzjyweidum@gmail.com)
- Doarpsenerzjy stelt in “*ledenovereenkomst*” op Doarpsenerzjy levert in formulier om oer te stappen
- Doarpsenerzjy en de klant ûndertekenje de ledenovereenkomst. Op dat moment geane jo de ferplichting oan.
- As jo wolle undertekenje jo it oerstapformulier nei *EnergieVanOns* en leverje jo it yn by it bestjoer fan de koöperaasje.

13

## Wa komt yn oanmerking?



- Yn it earste plak ynweners fan Weidum dy't al lid binne fan de enerzjykooperaasje. Oanmelde fanôf 1 febrewaris 2020 mar foar 15 febrewaris 2020.
- Dan alle oare ynweners fan Postcode Weidum (9024) Oanmelde fanôf 1 febrewaris 2020.
- As der te min belangstelling is dêrnei ek de ynweners fan Jellum/Bears, Wirdum, Wytgaard, Mantgum en Jorwert.
- It moment fan ynstjoeren fan it ynskriuwformulier bepaalt de folchoarder

14

## Wat as:

- **Ik ferhúzsje?**  
Binnen de postcoderoos bliuwt jo sertifikaat jildich op de nije lokaasje. Ferhúzje jo fierder fuort dan kinne jo besikje om immen oars te finen om de sertifikaten oer te nimmen. Doarpsenerzjy kin dêr yn bemiddelje.
- **Ik myn hûs ferkeapje?**  
Dan kinne jo de sertifikaten mei ferkeapje as part fan de *“verplichte overname”*
- **Ik te min stroom brûk om alle enerzjybelesting werom te krijen?**  
Ek dan kin doarpsenerzjy bemiddelje yn it sykjen fan minsken, dy't in part fan jo sertifikaten oernimme wolle.

15



## Risico's foar de sertifikaathâlders:

- **Stoarm en brân:**  
Is fersekere fan twa kanten: Skea trochdat der wat mei de stâl bart, en ek as der wat mei de ynstallaasje sels bart. Ek de oansprakelijkheid nei elkoar is fersekere.
- **Útfal fan de ynstallaasje:**  
As de ynstallaasje in lange perioade utfalt dan is dat fersekere.
- **Te min sinne.**  
De rûzing fan de opbringst hâld rekkening mei goeie en minne jierren mar 100% wissichheid kinne wy net jaan.

16



## Ferleging fan de enerzjybelesting:

- De enerzjybelesting op stroom sil de kommende jierren leger wurde. Hoefolle is noch net bekend
- Dan krije jo ek minder enerzjybelesting per kWh werom. Wy ha dêr yn de berekking fan de opbringst per sertifikaat rekkening mei holden.
- De earste jierren sil de oprings heger wêze, de lêste jierren is it leger.



17

## De regeling stopt:

- Der komt yn de rin fan 2020 in nije regeling.
- Wa't dit jier ynstapt krijt de gegarandearde 15 jier de enerzjybelesting werom folgens de regels fan de besteande regeling.
- As de nije regeling foardeliger is as de besteande regeling dan kinne wy beslúte om mei syn allen yn de nije regeling te stappen.



18